

*Midsimmerjûn mei it 25 Jubeljier
fan de Gerben Rypma Stichting 1999-2024*

It draaiboek foar de jubileum foarstelling Gerben Rypma Siedkerlen
omfette alderhande programma punten, dêr't ien fan lang ûnwis bleau.
It wie moai betocht om de foarstelling yn de iepenloft, oan de Brekken
of op de pôle fan de pleats te hâlden mar soe it waar meiwurkje? Nee, dus!

Op sneon, 6 july 2024 lieten wynpûsters en fûle rein de Midsimmerjûn leaver
plak fine yn de golle fan de Klompepleats op Nijhuzum.
De lege golle oanklaaid as in smûk teater mei reidbosken en fjildblommen.
By it poadium stienen Gerben Rypma attributen sa as in meters hege skildersezel,
in pinsiel en skriuwpinne.
Op in âlde heawein hjitte Djurra fan Dijk sa'n hûndert minsken wolkom.
Sy waarden by oankommen troch de jongerein ferrast mei sketskes fan Siedkerlen.
Dat binne siswizen fan Gerben Rypma, bygelyks Elke beam hat wol in kromme tûke.

Op de bûthússouder klonk ynienen 'Oan 'e Brek in dei'.
Dêrnei waard it nije GRS Logo útpakt troch Eeltsje Hettinga mei in waarme taspraak.
Troch de skuorre waaiere muzyk, dy't de Siedkerlen útstruide.
Songen troch bariton Ben Brunt mei pianiste Sakia Zoet. Ofwikselje troch Douwe Kootstra,
dy't treflik fertelde oer it libben fan Gerben Rypma.
Wilens waard de foarstelling fêstlein yn byld en lûd foar in dokumintêre.
Nei ôfrin folge de Toast op it Jubileum yn in noflik 'romsitte'.

Guon fan de Siedkerlen bliuwt jin yn it ûnthâld sa as 'Doar it libben oan'.
Ek in moaie winsk foar de Gerben Rypma Stichting om fitaal en aktyf
te bliuwen as 'Kultuerbringer'.

Us tank oan de stipers, alle meiwurkers en freonen en kunde.
Mei en troch jim waard it Jubileum in bysûndere feestjûn!

Bestjoer Gerben Rypma Stichting
Marije Roorda